GAUSTER DOARPSSTIMME



April - Juni 2024

BRANDSMA AGRARISCH VASTGOED

Voor al uw onroerende goedzaken
een juiste en directe weg naar het beste resultaat

Contact informatie:
Rein Brandsma
Goëngamieden 9
8628 SJ Goënga
Tel: 0515 – 43 03 06
Mobiel: 06 – 539 209 94

Autobedrijf Leenstra

APK keuringstation | Grote beurt | Kleine beurt | Reparatie | Airco onderhoud | Ruit service
En al het overige onderhoud voor uw auto!



Zowel nieuwe auto's als gebruikte occasions!

De Clegauwe 13 | Gauw | T: 0515 52 17 72 | E: info@autobedrijfleenstra.nl
www.autobedrijfleenstra.nl

Foto foarkant: De Gauster Preamkeskowers yn aksje (foto: Richard van der Zwan)

Vierendertigste jaargang No. 2 – April - Juni 2024
Onafhankelijk blad voor Gauw en directe omgeving

Voorzitter:	**Opmaak:**	**Redactie:**
Harm van Gelderen Tsjemlân 11 tel. 521130 tsjemlan11@outlook.com	Rinske van der Ende Tsjemlân 13 tel. 521088 j.vander.ende@outlook.com	VACANT
Postadres: **Tsjemlân 11** **8627 SJ Gauw**		**Bezorging:** Anneke Kroes Boeijengastrjitte 67 tel. 521483 Alida Bottema Boeijengastrjitte 61 tel. 521543
Abonnementsgeld € 10 Postabonnees € 15	N I E U W: SNS Bank **NL84 SNSB 8833 7083 30** t.n.v. *R. van der Ende e/o H. van Gelderen* *inzake Doarpsstimme*	Oplage: 200 exemplaren
E-mail: redactie@doarpsstimme.nl		**Inleveren kopij: voor 1 september 2024**

Inhoud

Foarwurd 3
Nieuws van het Dorpsbelang 5
Trafohuisje sportveld 6
Dodenherdenking 9
De Pen 13
Alde skoallefoto's 15
Nieuws uit de Mienskipsskoalle De Legeaën 16
Preamkeskowe 18
En de Sulveren Pream is wér foar Gau 18
35-jierrich jubileum Gauster Keatspartij, in topper! 23
Nieuws van de Oranjevereniging 27
Even voorstellen: Michiel van Blanken 28
Snypsnaren 29
Sietse Leenstra op 29 maaie 50 jier! 29
Ferhúze 29
Spannende einstriid Koersbalkompetysje 30
De kracht van social media 32
De bêste klaverjasser seizoen 2023-2024 is Sietze de Vries 33
Minder maaien rondom bomen voor betere biodiversiteit 34
Geslaagd!! 35
De Legeäen Enerzjy 36
Fietsersbond Fryslân wil beter onderhoud van de fietspaden 37
Biljartvereniging "It Gauster Stjitsje". 39
Drie sportieve evenementen op rij voor Thijs Bijma 41
TV-searje Het vuur van de Friezen: it sil heve 43
Heb je vragen over de overheid? 46
Agenda 48

HIMMEL & SKJIN

W.Twijnstra (eigner)
Boeijengastrjitte 50
8627 SH Gau
Tel. **0515-521005**
bgg. **0655-792919**



Himmel & skjin is yn it spier mei rútwaskjen foar bedriuw en partikulier

freegje om in frijbliuwende priisopjefte of gewoan ynformaasje oer de mooglikheden!



Jaring Ypma
Jo bakker oan de doar!
06 128 594 69

Foarwurd

Wat hat Gau prachtige dagen hân op 22 en 23 juny, mei it Preamkeskowen en de jubileumkeatspartij. Wy hawwe der nije kampioenen by! Wat in waar wie it, en der kaam ek noch in simmerske wike achteroan. Wat dat oangiet wienen wy net bedoarn. De massa's wetter hawwe ús agrariërs fan greide en bou de nedige problemen jûn en nóch. En net te ferjitten de minsken mei in eigen grientetún. De slakken kamen yn massa's del yn harren eigen tempo: se hawwe de tiid!

Wy beheine ús yn de Doarpsstimme wer ta it nijs fan Gau en omkriten, mar fansels is der yn de wrâld genôch geande wat ek ynfloed hat en hawwe sil. It is fan alle tiden wurdt sein, mar de wrâld is mear as yn earder iuwen in doarp wurden. Wy sjogge alles en wy hearre alles, mar it is de keunst om der út te heljen wat hout snijt.

Wy lokwinskje de jongerein dy't slagje mocht foar har eksamen, en as it net slagge is, dan de kop derfoar: der komme grif nije kânsen! En wy winskje elk in moaie simmer ta, as jim thúsbliuwe of fiere lannen bereizgje sille. In protte lêsplezier mei dizze nije Doarpsstimme.

De redaksje (hvg)

Opbringst Kollektes

De kollekte foar it **Epilepsiefonds** hat € 201,45 opbrocht yn Gau. Tige tank oan allegear dy't hjirfoar jûn hawwe en boppe-al oan de kollektanten.

Hendrika Jellema, koördinator

De kollekte foar it **Fonds Gehandicaptensport** hat yn Gau € 230,20 opbrocht. Elk dy't dêr oan bydroegen hat, hertlik tank!

Harmen van Gelderen, koördinator

De Gauster Doarpsstimme
www.doarpsstimme.nl

Nij stroomhokje hâldt Gau flink yn de besnijing.

Sibbeltsje:
'Gau stiet ûnder heechspanning'



fysio wymbrits

- Fysiotherapie
- Manuele therapie
- Oefentherapie Mensendieck
- Bekkenfysiotherapie
- Medische trainingstherapi
- Fysiofitness
- Dry needling
- Medical taping



IJlst
Dassenboarch 23b
en Ylostinslaan 1

Scharnegoutum
Legedyk 43

Woudsend
A.H. Trompstraat 30

Oppenhuizen
P. Walmastrjitte 8a

0515 - 53 18 32
www.fysiowymbrits.nl

ANNE BOTTEMA
minikraan & klusbedrijf

T 0515-52 08 44
M 06-224 592 47
E aaabottema@hetnet.nl

Boeyengastraat 5
8627 SC Gauw

Tevens levering van Zand & Grond

Nieuws van het Dorpsbelang



De afgelopen ALV lijkt alweer even geleden, maar we waren blij met een goede opkomst. Naast een goede vergadering was deze ook leerzaam door een informatieve presentatie van Jeroen de Vries over het Agrarisch Natuur- en Landschapsbeheer (ANLb). De reacties waren positief. Kort daarna was het volle bak bij de toneelvoorstelling! Ook die werd positief ontvangen door de aanwezigen met als conclusie: “Meer toneel en theater in Us Gebou!” Zeker nu de toneelvereniging zich ook in naam gaat verbreden over meerdere dorpen, incluis Gauw. Op de ledenvergadering hebben we ook de 4 meicommissie in het leven geroepen, fijn dat er vrijwilligers opstaan om dat allemaal mee te organiseren. Extra mooi om te zien dat er binnen Gauw en omstreken veel mensen de 4 meiherdenking waarderen en de bijeenkomst goed bezocht was.

We willen als Dorpsbelang op deze plek de vrijwilligers die hebben bijgedragen aan de activiteiten van afgelopen periode bedanken. We hebben bij schrijven een kleine zomerpauze. Dat is misschien ook wel nodig want na het Preamkeskowen door Aktyf Gau en de Gauwster Kaatspartij, de jubileumeditie kunnen we even bijkomen.

Met het Preamkeskowen gingen we even terug in de tijd en naar de roots van de Legeaen en Gauw. Veel van het transport ging met paard en wagen en over het water. Dat is nu wel anders! Nu reizen en transporteren we en masse een stuk sneller met de automobiel. Hoewel deze snelheid ook relatief is, ik las onlangs in de krant dat er in de periode tussen 1950 en 2012 exact nul procent reistijdwinst is geboekt. Dat maakt dat mensen even lang onderweg zijn voor dezelfde activiteiten, maar de gemiddelde afstand die ze op een dag afleggen is van ruim 7 naar bijna 45 kilometer gegroeid. Ik vermoed dat dit in 2024 er niet beter is geworden. Ook bij ons in het dorp komt en werkt men verder dan de Legeaen. De werkelijke snelheid in kilometers per uur is ook een actueel en terugkerend thema. We hebben dan ook posters, containerstickers en folders ontvangen van de gemeente SWF om samen daarover het gesprek aan te gaan. Hoe hard rijden we zelf in de dorpen? Dit alles positief vormgegeven in groene kleuren en hartvorm. We hebben de containerstickers inmiddels verspreid langs de doorgaande weg in het dorp. Ongeveer om-en-om. Dus mocht je de sticker niet willen plakken, vraag het dan je buren.

Tenslotte, afgelopen jaar hebben we in de media kunnen vernemen over gevallen van suïcide in de omgeving van ons dorp. Als Dorpsbelang kunnen we, naast het bespreekbaar maken van suïcide, ook meewerken aan campagnes m.b.t. informeren en voorkomen. In dat kader is er onlangs een kleine plaquette op het bankje in de speeltuin geplaatst. Op het bankje kom je via een QR-code op een site welke een startpunt kan zijn voor bestaande vragen rondom dit thema.

Namens Vereniging Dorpsbelang Gauw - Sipke Dotinga, Marten Molenmaker, Arieke Koelemij, Jildou Huitema, Corneel Timmermans
**Bron: NRC 3-4-24 Pag. B11*

Trafohuisje sportveld

Betreffende de voorgenomen plaatsing van een trafostation op de hoek van het sportveld het volgende. Nadat we de ontvangen informatie van de gemeente (en Liander) in de Gauwster-app nog eens onder de aandacht hebben gebracht hebben we naar aanleiding van de vragen en zorgen contact opgenomen met de gemeente. Dit om te achterhalen wat de achterliggende redenen van de gekozen plaats was, of er gekeken is naar andere plekken en zo ja waarom deze niet in aanmerking komen. Andere plekken zoals voorgesteld in de Gauwster-app zie afbeelding.
Uit het (eerste) gesprek met de gemeente bleken de volgende randvoorwaarden welke een rol spelen bij het bepalen van een plek.

Noodzaak
- Is nodig en komt door uitbreiding Gauw, nieuwe school en aankomende voorzieningen, verdere elektrificatie van "nieuw" Gauw (Tsjemlân). Dit speelt nu ca. 1,5 jaar.

Technische en overige randvoorwaarden
- De maximale kabellengte en te “voeden” huizen voor toekomst vast net.
- Bij de keuze van de eerste (oude) plek was de aanwezige duiker over het hoofd gezien.
- De ligging van de bestaande Gasleiding.
- Bestaande groen (bomen).
- Toegang en bereikbaarheid Liander, met name 's nachts bij calamiteit (stroomuitval)



Op basis van aangedragen verder weg gelegen opties (1 en 2) vallen aantal af op basis van bovenstaande randvoorwaarden met name vanwege de afstand (kabellengte). De aangedragen optie 3 "basketbal veld" is afgewezen door Liander m.b.t. bereikbaarheid, zichtbaarheid 's nachts. Daarmee is deze optie 3 ook op de technische randvoorwaarden niet nader onderzocht.

Gemeente is het echter eens dat het een locatie is die inbreuk maakt op het open karakter van het sport- (en evenementen)veld. De gemeente staat ook open voor de Mienskipparticipatie bij de keuze van dit soort plekken, hoewel dit procedureel niet vereist / verplicht is. Op basis daarvan zal de gemeente kijken of optie 3 technisch haalbaar is en opnieuw met Liander in gesprek gaan.

Hiervoor moet dan ook draagvlak zijn in het dorp bij bewoners die nu de overlast gaan krijgen voor optie 3. Het dorpsbelang heeft gesproken met de betreffende bewoners en daaruit bleek dat optie 3 voor het dorp mogelijk was zij het met (groen) afscherming van het station. Daarmee heeft de gemeente opnieuw met Liander gesproken en tevens de andere opties (technisch) bekeken. Hierop is het volgende gebleken voor optie 3 (oude basketbal veld).

- De reactie vanuit Liander; *een stationslocatie moet zichtbaar/herkenbaar zijn vanaf de openbare weg. dat is deze locatie niet en nog minder als wij er bosschage omheen zetten. De monteur moet bij een storing niet moeten zoeken naar het station.*
- *Daarnaast moet er een weg naar toe zijn van 4 meter breed, geschikt voor vrachtwagens.*

Daarnaast blijkt dat optie 3 precies in de waterkering ligt, voor plaatsing daar wordt geen toestemming gekregen van het Wetterskip. Voor de opties 1 (en 2) geldt dat dit een perfecte locatie geweest voor het trafostation, waarmee alle zorgen en weerstand zou worden weggenomen maar daar geldt naast de afstand (Liander) ook het gegeven dat daar de waterkering van het Wetterskip loopt. Aanvullend heeft Liander nader aangegeven dat het afstandscriterium wordt bepaald door het type kabel en het aantal woningen wat er op zit of komt. Hoe groter de afstand van het trafostation, hoe minder huizen er op kunnen. In dit geval liggen de eindpunten van de kabel bij de kerk (43) en Boeijengastrjitte 5. Hiermee vallen zij definitief af.

We hebben het gestelde over de waterkeringen bij het Wetterskip nagevraagd en zij bevestigen dat er alleen bij hoge uitzondering, als er geen alternatief aanwezig is, plaatsing op een waterkering is toegestaan. De waterkeringen in gebied Gauw zijn lokale keringen, ook al is de nu achtergelegen grond op gelijke hoogte.

Uit het contact en de gesprekken is gebleken dat de gemeente SWF inziet dat bij het zoeken naar een locatie voor het trafostation het voor draagvlak beter zou zijn om aan de voorzijde het dorp te betrekken. Daarmee worden ook de afwegingen en de randvoorwaarden van betrokken partijen eerder duidelijker en kan de communicatie ook genuanceerder verlopen. Deze werkwijze is niet volgens het huidige beleid en regels waarin alleen informeren verplicht is (en geen bezwaar kan worden gemaakt).

Uit de ontvangen uitleg over de afwegingen en randvoorwaarden kunnen wij als Ver. Dorpsbelang Gauw vaststellen dat het proces voldoende zorgvuldig is verlopen en begrijpen wij de achtergrond van de gemaakte keuze (voorstel Liander) en waarom niet voor de aangedragen alternatieven. De gemeente heeft aangegeven dat bij het trafohuisje, drie zijden rondom, groen zal worden aangeplant om het aanzicht verder te camoufleren. Wij verwachten niet dat de voorziening de toegang of het gebruik van het sportveld (voor evenementen) onmogelijk zal maken.

Wij gaan ervan uit dat jullie met bovenstaande schrijven voldoende zijn geïnformeerd, mochten er nog vragen en/of opmerkingen zijn dan weten jullie ons te bereiken.

Met vriendelijke groet,
Bestuur Vereniging Dorpsbelang Gauw



Dodenherdenking

Utnûging

Krekt as alle jierren hâlde wy op sneon 4 maaie in deadebetinking by de PKN tsjerke yn Gau. Frou A. Boersma-Boeijenga, dochter fan de yn de twadde wrâldkriich omkommen bakker Willem Boeijenga fan Gau, is oanwêzich mei har famylje. Alle Gausters, jong en âld, en oare belangstellenden wurde útnûge om dizze betinking mei te meitsjen. Wy wolle stilstean by de slachtoffers fan de twadde wrâldoarloch en ek tinke oan de omkommen minsken yn oarlogen fan doe en no.

Der sille krânsen lein wurde troch frou Boeijenga, de Gemeente en Doarpsbelang. Elk mei blommen meinimme om op it hôf te lizzen. Fan de gemeente út sil riedslid Pieter Jan Scholtanus in taspraak hâlde. Ek sille bern fan de Mienskipskoalle in gedicht foarlêze.



19.35 Sammelje op it sportfjild
19.44 Nei tsjerke rinne en ien kear om de tsjerke hinne rinne
19.58 Last Post
20.00 Twa minuten stil
20.02 Wilhelmus
20.08 Noch in kear om de tsjerke om blommen op it grêf fan de fam. Boeijenga te lizzen
20.12 Ein betinking
Tariedingskommisje,
Abe Postma en Gerben Gerbrandy







kapsalon Patries

www.kapsalon-patries.nl

Legedyk 39a
Scharnegoutum

Tel: 0515-431001

Onze nieuwe openingstijden:

Dinsdag: 9.00 t/m 18.00uur
Woensdag: 9.00 t/m 18.00uur
Donderdag: 9.00 t/m 18.00uur
Vrijdag: 9.00 t/m 18.00 en
18.30 t/m 21.00uur (zonder afspraak)
Zaterdag: 9.00 t/m 14.00uur
(zomers 8.00 tot 12.00uur)

Bijna 80 jaar vrijheid *is heel lang, maar vroeger was dat niet zo*
Toen leefden we in oorlog.
5 jaar lang gewacht op bevrijding en toen gaf Duitsland zich over.
Maar het leven was zwaar, heel zwaar.
Elke dag schieten en vechten voor maar een centimeter land
Gevangen genomen door de Duitsers en weggebracht.
Wachten tot je naam geroepen werd, en je wist wat er gebeurde.
Joden mochten niets, ze gingen onderduiken.
Onze koningin in Engeland, Rotterdam gebombardeerd en
discriminatie over Roma, Sinti, homo en lesbisch
Maar toen kwamen de geallieerden in Frankrijk.
Die hebben Frankrijk en Nederland bevrijd.
Vrijheid al 80 jaar, samen altijd met elkaar.
Femke van der Zwan (11 jaar)





80 jaar vrijheid





JORNABOUW
Onderhoud & Renovatie

Danny Jorna - Boeijengastrjitte 28 - 8627 SG - Gauw
Tel. 06 15 075 527 E-mail: jornabouw@gmail.com



De "Kistemakker" Hindrik-Ype de Vries

Op ambachtelijke en creatieve wijze maakt Hindrik-Ype de Vries uitvaartkisten en gedenktekens van puur hout. Voor Hindrik-Ype is "geborgen heen gaan" net zo belangrijk als "geborgen op aarde komen".

Naast een aantal eigen ontworpen uitvaarkisten en gedenktekens, bestaat de mogelijkheid uw eigen wensen kenbaar te maken. Een persoonlijk product van zijn hand. Goed uitgedacht en met liefde gemaakt. Een handgemaakte kist voor elk budget. Elke maandagavond open huis in de NH Kerk te Poppenwier vanaf 19.30 uur.

Info: www.dekistemakker.nl of bel: 06-14825677

De Pen



Hallo Dorpsgenoten,

Wij, Rob en Alida zijn de nieuwe bewoners van De Skalter 17, samen met onze katten Rinus en Jane.
Hiervoor woonden we in Sneek, maar we vonden het daar te druk en te vol worden. Vandaar dat we op zoek gingen naar rust en ruimte, en dat vonden we hier!

We zijn allebei 60 jaar en (helaas) nog werkzaam op de arbeidsmarkt.
Ik als apothekersassistente in het MCL en Rob bij DUO als IT'er in de buitendienst, dus veel op de weg .
Mijn vrije tijd besteed ik aan lezen, winkelen, puzzelen en uit eten gaan.
En ik pas met alle liefde op onze kleinkinderen, als dat nodig is.

Rob heeft vele hobby's, zoals klussen in en rondom het huis, tuinieren, wandelen, modelbouw(WOII) en hij is lid van de schietclub in Sneek en heeft een oldtimer Triumph T4.

Tot nu toe bevalt het ons hier heel goed, blij dat we deze stap hebben gezet!

met vriendelijke groet,

Alida Visser en Rob Palland



KOMT UW KIND BIJ ONS SPELEN EN GROEIEN?

Vanaf ***maandag 9 september 2024*** *openen wij naast ons kinderdagverblijf (0-4 jaar) en BSO (4-12 jaar) een nieuwe peutergroep!! (2-4 jaar)*
Van maandag t/m vrijdag van 8:15 - 12:15 uur

Integraal Kind Centrum
De Legeaën
mienskipsskoalle

Wij bieden:

- *Aandacht en veiligheid*
- *Vertrouwen en betrokkenheid*
- *Uitdagende speelhoeken en materiaal*
- *Inspirerende omgeving*
- *Spelenderwijs ontdekken*
- *Vaste gezichten op de groep*
- *Aanbod in Nederlands en Fries*
- *Warme overdracht naar groep 1*
- *Schoolbreed activiteitenaanbod*

Op de peutergroep bieden wij:

- *Voorschools programma*
- *Voor- en Vroegschoolse Educatie (VVE) bij ontwikkelachterstand*

Op zoek naar een leuke en fijne opvangplek voor uw kind?
Aanmelden kan via de QR-code of website.

www.kinderopvangfriesland.nl/locaties/ikc-sibrandabuorren-de-legeaen/



Alde skoallefoto's

De ôfrûne jierren binne der in protte foto's pleatst út de jierren 50 en 60. Wy meitsje no in sprong yn 'e tiid: nei de jierren 90, de tiid fan 'De Twatine'. De foarige kear hienen wy groep 7 en 8 út 1994, dizze kear 1995, groep 5 en 6. Fragen/opmerkings, wy hearre it graach.



Steande (achter) f.l.n.r.: Jelle Pieter Tjalsma – Matthijs Foekema - Juf Ineke Faber – Nynke de Jong - Linda Molenmaker – Lysbeth Wijbrandi – Esther Schaap – Namkje Koudenburg – Jeltsje Sijbesma – master Rients Tijsma – Ruurd Jan Winia – Erik de Jager

Yn 'e midden dêrfoar sittend: Pieter Jelle Bottema – Sjoukje de Vries – Jantsje Bootsma – Gatske de Jong – Doutsen Gerbrandy – Janneke Brakels – Anneke Stok – Beitske Kooistra

Foarste rigele sittend: Pieter Kroles - Albert Tromp – Johan Batteram – Henri Wagenaar – Rinse van der Goot – Allard Krol

Foar lizzend: Benny Walta – Frans van der Vegt

Nieuws uit de Mienskipsskoalle De Legeaën

Aesgewei 56 8647 SG Sibrandabuorren | telefoon 0515 – 521700
e-mail: legeaen@palludara.nl | facebook: Mienskipsskoalle De Legeaën | www.delegeaen.nl

Koningsspelen en sponsorloop
Vrijdag 26 april waren de Koningsspelen gecombineerd met een sponsorloop. Er was een gezamenlijk ontbijt, waar de kinderen vanaf 2 jaar bij aanschoven. De opbrengst van de sponsorloop is bedoeld voor de aanschaf van een nieuw speeltoestel op ons schoolplein. Samen hebben de kinderen € 4.558,70 opgehaald. Een fantastisch bedrag! De ouderraad heeft ook geld gereserveerd voor de aanschaf van een nieuw speeltoestel en zo komen we steeds dichterbij ons einddoel. Namens alle kinderen bedankt voor jullie bijdrage!

Geslaagd
De vlag mag uit voor meester Wibrand en juf Anna Elske. Wibrand heeft de opleiding Reken- coördinator succesvol afgerond en Anna Elske is geslaagd voor de opleiding Gespecialiseerd Pedagogisch Medewerker. Gefeliciteerd Wibrand en Anna Elske!

Afscheid
Wij hebben afscheid genomen van juf Anna Elske. Zij zet haar werkzaamheden binnen de stichting voort bij de kinderopvang in Akkrum.

Themaweek Reis de wereld rond
Na de meivakantie zijn wij gestart wij met het thema ‘Reis de wereld rond’. Een breed thema waarin kinderen op hun eigen niveau de wereld hebben verkend. Reina Cultuur (cultuurmedewerker Stichting Kinderopvang Friesland) heeft deze weken een gastlessen geven aan de leerlingen van groep 1 t/m 8.

Klusochtend 16 maart
Tijdens NLdoet zijn er verschillende klussen opgepakt. Er is gewerkt aan de moestuin, er zijn paardenhordes gemaakt en de entree, kasten en lockers zijn schoongemaakt. Iedereen die geholpen heeft, bedankt! Onze kinderen zijn erg blij met jullie hulp.

Naar de basisschool!
Op de kinderopvang mocht op 29 april Sebbe 4 kaarsjes uitblazen en hij ging na de meivakantie naar juf Femmy en juf Anita! Voor de vakantie worden Niels, Tineke, Daan en Milan allen 4 jaar!!! En Marrit en Sjors mogen kort na de zomervakantie 4 kaarsjes uitblazen. Allen veel plezier op de basisschool !



Welkom op de Mienskipsskoalle
Wij verwelkomen graag nieuwe kinderen en gezinnen bij ons op school. Na de meivakantie zijn de familie Visser (Gauw) en Hollegien (Sibrandabuorren) nieuw bij ons op school gekomen. Via deze weg van harte welkom op de Mienskipsskoalle, wij wensen jullie een fijne tijd toe bij ons op school!

Formatie schooljaar 2024-2025
Op dit moment hebben wij 104 leerlingen op de Mienskipsskoalle. Ook volgend schooljaar kunnen wij weer met 5 (combinatie)groepen werken. Hier zijn wij erg blij mee. Doordat wij veel groeps-doorbrekend werken zijn er op verschillende momenten wel kansen dat kinderen weer kunnen samenwerken. Bijvoorbeeld tijdens het werken op het lesplein, tijdens de wereld oriënterende vakken, de creamiddag.

De bouw van het nieuwe peuterlokaal gaat voorspoedig
Binnen enkele weken is het lokaal wind- en waterdicht en wordt er gewerkt aan de nieuwe sanitair voorziening in het huidige KDV lokaal. In de meivakantie wordt daarom een stofwand geplaatst en maakt de opvang naast het eigen lokaal ook gebruik van andere mogelijkheden binnen de school. Zoals het nu lijkt is het nieuwe lokaal voor het einde van juni klaar, vanaf dan kunnen wij het inrichten en in gebruik nemen.

Schoolkaatsen in Bolsward
Op woensdag 15 mei deden kinderen van de Miensskipsskoalle mee aan het schoolkaatsen van de gemeente Súdwest-Fryslân. De verschillen waren klein, maar ze haalden allemaal net geen prijs.



Op de foto v.l.n.r. Anna-Lynn Koldijk, Hester Kiestra, Mare van der Goot, Femke van der Zwan, Tieme Holtrop en Jitse Bakker

Preamkeskowe

En de Sulveren Pream is wér foar Gau

De betûfte skipper Bindert Faber hat syn 3e titel mei de Gauster pream binnensleept. D.w.s. de oaren moasten slepe... , trije kear is skippersrjocht! Wy neame de nammen fan de grutske winners, op de foto: *Margriet Adema, Timen van Gelderen, Bindert Faber, Pieter Winia, Johan Cnossen, Jelmer Snijders, Lútsen Winia, Willem Twijnstra, Ruurd Jan Leenstra, Jelmer de Jong (sittend).*



De organisaasje, Aktyf Gau mei *Fokke Postma, Oda Atsma, Douwe Greidanus en Fardou Wiersma* hie de saken prima foar elkoar. Jo moatte it mar even dwaan, sa'n grut evenemint, foar it earst wer sûnt 2019. Wat moai dat it wer oppakt is!



De organisaasje

It wie in prachtige en feestlike dei mei de fiif preammen fan Goaïngea, Gau, Sibrandabuorren en Poppenwier en mei de frouljuspream Aletta Jacobs. It soe swier wurde, der stie in stevige wyn en ek net alle sleatten wiene djip genôch foar alle boaten.



De froulju fan Aletta Jacobs foar de frachtauto. Foaroan Lies Winia

Gau wûn it earst spul. It riden mei in âlde frachtauto fan Fa. Postma, mei de frou achter it stjoer, dy't de wein tusken striepakken troch liede moast. De manlju coachten of dienen it domme lûkwurk. Op grûn fan dit spultsje waard de start-folchoarder bepaald: Gau-Goaiïngea-Aletta Jacobs- Sibrandabuorren-Poppenwier. Ja, want dat moat sein wurde, de spultsjes wienen fan in ienfâldige simpelheid. Der hoegde, nee, der moast net tefolle by neitocht wurde.



De pream fan Gau by de Spekpôle

Sa moast yn Tersoal, want dêr gie de reis earst hinne (fia de Nagano-brêge fan Ids Postma), in molkbus wol wetter jitten wurde, sa gau mooglik fansels. Simpel: brûk alles wêr't wetter yn kin, as it mar net fan plestyk is fansels, want dat komt út de nije tiid.



Under it brechje troch by de bruorren De Boer yn Tersoal

Doe gie de reis by de dyk lâns, ûnder it brechje troch fan de gebroeders De Boer, fia de Spekpôle, nei Sibrandabuorren. En wat komst dan allegearre tsjin: in see fan wetterplanten en wat groeit der op 't heden in beamkeguod op 'e wâlskanten! Dêr moasten de mannen mei hendelje! De frou yn 'e pream foarme de reade tried yn it gehiel. Yn it Gauster gefal wie dat Margriet Adema. Sy moast de hiele reis kurkjebreidzje. Doel: wa fan de froulju makke de langste koarde.

Achterhûs by Jan Bos yn Sibrandabuorren wachte Dokter Bibber, ofwol de spiraal. In senuwslopend spultsje, en dêr moatst hielendal net by neitinke. Wa hat de sterkste senuwen en de meast fêste hân! Wy moatte earlik wêze, dit wie net Gau syn sterkste ûnderdiel! Wol fan de mannen fan Poppenwier. Mei de molkbus yn Tersoal wie Poppenwier ek al de bêste. Wat wie it spitich foar dizze frou/mannen dat harren swiere pream te djip lei, se kamen by de Spekpôle fêst te sitten. Dat hat harren in bulte tiid koste, tefolle!



Sibrandabuorren by de Goaiïngeaster brêge


Goaiïngea komt oan yn Goaiïngea

Doe op nei Goaiïngea. Dêr mocht Gau as earste de estafette fan striepakken dwaan. Want se bleauwen foar lizzen. En wer pakte Poppenwier in earste plak. Ja, mei in lichtere pream... wa sil it sizze!

En no op nei hûs, wie it motto. Goed 3 oere wienen se oan. En dan wachtsje, lang wachtsje, in ivichheid. It bier smakke bêst en de TUC-koekjes mei sâlt ek. En dan komt it lêste ûnderdiel: it sjongen. Gau hie Ernst Langhout yn ‘e earm nommen en dat stiet altyd noch foar kwaliteit. En Willem Twijnstra wie de oanjager. It entûsjasme en de mimyk spatte derôf. En ja hear, it earste plak mei it sjongen. En dan it lêste ûnderdiel: de tiid, dat soe ekstra punten opleverje. Waard it Gau of Goaiïngea. It waard Gau mei de rapste tiid. Winst op 4 ûnderdielen. En it 3de plak mei it kurkjebreidzjen! Wylst Margriet folle minder tiid hân hie. Dit ûnderdiel wûn Aletta Jacobs fansels, sy hie de measte tiid hân, mar einge wol op in fertsjinstlik 4de plak.


Poppenwier sjongt

It bleau noch lang gesellich mei iten en drinken. Oer twa jier wer? Wy binne benijd. Foarlopich leit De Pream yn Gau. Lokwinske frou/mannen en organisaasje en frijwilligers: tank! (hvg)









Preamkeskowen en Fryslân ferbynt dei 2024.
Het organiseren van zo'n mooi evenement zoals het Preamkeskowen gaat niet zonder vrijwilligers. De vrijwilligers dragen bij met hun inzet en enthousiasme, de (financiële) middelen komen dan vanuit het Dorpsbelang of andere subsidies. Als je dan aan de organisatie en de vrijwilligers die zorg kan wegnemen, T-shirts kan laten maken, attributen en andere zaken kunt laten regelen krijgt het allemaal net even wat extra. En belangrijk we hopen, weten eigenlijk zeker, dat gemotiveerde vrijwilligers, een geslaagd evenement bijdraagt dat nieuwe vrijwilligers opstaan om zich in te zetten als vrijwilliger bij het Dorpsbelang, dorpshuis en de verschillende commissies: Fryslân ferbynt (Provincie Fryslân).

35-jierrich jubileum Gauster Keatspartij, in topper!

Om yn de termen fan organisator Marten Molenmaker te bliuwen: wy wienen snein 23 juny 2024 allegearre toppers. Wat hawwe wy it troffen mei it waar: twa grutte eveneminten yn Gau yn twa dagen sûnder wanklanken! Guon hienen noch de alkohol en/of de fersoering fan de spieren fan it Preamkeskowen noch net ferwurke, mar stienen der dochs. Der wie in moaie list mei 12 partoeren grutten én der wie in klasse mei 8 bern!!

Even tuskentroch

Yn 1988 is de Gauster Keatspartij begongen mei de organisators Auke en Tryntsje Seekles en Johan en Geke Foekema. Én mei Jan Dotinga, dy't de bern ûnder syn hoede hie. Letter, yn 2001, hawwe Marten en Piedade Molenmaker, én dochter Doutzen, it mei Auke en Tryntsje trochsetten. Auke en Tryntsje binne yn 2010 stoppe en doe is Klaas Greidanus derby kommen. En Etta Dotinga is yn 2022 foar Klaas yn 't plak kommen. En no wurdt it dan tiid foar ferjonging. Aaltsje Kroes en Rouke van der Meer nimme it stokje oer. Yn 2025 sille Marten en Piedade it noch mei-organisearje en dan geane se mei organisaasjepensjoen. En hiel aardich is dat ***Kristia Dotinga*** *(dochter fan....) soarge hat foar in fjild fol mei bern. Tegearre mei* ***Marrit Oosterbaan*** *hie sy dy groep ûnder har hoede. Nee, mei de ferjonging sit it wol goed. En Jan en Etta geane troch.*



De tinten fan it Preamkeskowen stienen der noch en it fjild lei der strak by mei 6 perken foar grutten en sa 2 foar de bern. Om goed 13:00 oere gie it los. Wat soenen dizze belangrike partij winne? It frouljuspartoer Anne Sjoukje Leenstra, Aaltsje Kroes en Antsje Kievit? Se ferlearen yn de earste omloop, ûnnedich earder wy letter. En se stoomden troch nei de finale fan de ferliezersrûnte, wêryn't se Pieter Winia, Harmen van Gelderen en Rein Huitema troffen. Dat dy de finale hellen kaam foaral ek troch de jonge Rein Huitema, dy't mei elke omloop hieltyd better waard! Dat mocht lykwols yn de finale net mear helpe, want foaral tsjin de foarynse Anne Sjoukje Leenstra wie net te keatsen: sy leit de ballen wêr't se se lizze woe. Sa kamen se yn it sucht op foarsprong. En op 5-2 6-2 makke Aaltsje de partij út mei in moaie boppeslach.

Sterke finalisten

Ien dy't jo net útpoetse moatte is de foarsitter fan ús doarpsbelang, Corneel Timmermans. Dizze man is ek op sportyf gebiet in manusje fan alles! Foarich jier moast hy de spulregels noch leare en no moast hy as A-maat syn partoer, mei de 'jonkies' Doutzen Twijnstra en Jarno Sterk, liede.

Doutzen kenne wy fan it keatsfront, Jarno toande mei syn fuotbalsokken oan dat hy ek mei de hannen goed wurk leverje kin! Yn de earste omloop krûpten se troch it each fan de nuddel: se kamen 5-0 foar tsjin Johan Cnossen, Doutzen Molenaar en Jannie van Gelderen. De lêsten setten in ynhelrace yn, mar sneuvelen yn it sicht fan de haven op 5-4 6-6. Nei winst op Jelmer Molenaar (*hy waard net goed, mar herstelde letter gelokkich wer*) Rouke van der Meer en Fardou Wiersma wie de finale berikt. Dêr wachten Albertsym Fekken – hy is al in pear jier in 'adopsje-Gauster' – , Bertus Dotinga en Germ Bergstra, dy't yn de earste en twadde omloop flink oan 'e bak moatten hienen.



Yn de twadde omloop wie der in histoaryske treffen tusken de beide organisatoaren Jan Dotinga en Marten Molenmaker. Jan Dotinga hie titelferdediger Jaring Ypma by him en Anna Marit Twijnstra en Marten, ek titelferdediger, nije Gauster Remco de Haan en Eva Timmermans. In partij mei emoasjes, dy't syn hichtepunt berikte op de stân 5-5 6-6: in trik-trak dy't yn 't foardiel beslist waard fan Jaring en syn maten.
Ien fraach bliuwe hingjen boppe it fjild: kaam de bal tsjin Marten syn knibbel oan of hat Jan Marten rekke? De VAR wist it ek net. Foar Ypma c.s. levere it, nei ferlies fan Fekken c.s., de 3de priis op, ek moai!





